

## Tekst 1 Ik kin op it poadium net stean te gûlen

- (1)** Doe't se werom wie yn Fryslân, nei in jier backpacken yn Australië, keas se op har seisentweintichste foar in oar libben: gjin  
5 **managementsassistinte mear by KPN, nee, se woe sjonge. Sân jier letter is se mei 'Gabriëlles liet' ien fan de kânshawwers foar in hege posysje yn de Fryske Top Hûndert:**  
10 **Gezina van der Zwaag.**
- (2)** Se wie in jier as santjin doe't se de folders foar it konservatoarium yn 'e hûs helle. Se woe trompet of bugel studearje, de beide ynstruminten dy't  
15 se by it korps fan Ryptsjerk bespile. It is der net fan kommen. Neffens har heit wie der gjin droech brea yn 'e muzyk te fertsjinjen. "Us heit hie in omke, dy wie dirigint. Dy hie it hiel  
20 earm, hy krige klean fan syn famylje."
- (3)** Gezina gie net nei it konservatoarium, mar nei de Heao, hoe djip de muzyk ek siet. "Yn de  
25 earste klasse fan de basisskoalle siet ik de hiele dei al te sjongen, de juf sei sa no en dan dat ik der mei ophâlde moast. Doe't myn broer en suster blokfluitles krigen, wist ik net hoe gau't ik dat ding yn 'e hannen krije moast.  
30 Sa is it altiten gien en eins is it noch sa. As ik in piano stean sjoch, moat ik my ynhâlde."
- (4)** Se hat wolris in koarke yn 'e tsjerke laat, song foar de famylje mei wat  
35 kampfoerakkoarden op 'e gitaar en spile by it korps. Dêr bleau it ynearsten by. Op har fiifentweintichste naam se ûntslach by de KPN en reizge ôf nei Australië. Se hie baantsjes, hearde fan  
40 oare backpackers dat se wat faker sjonge moast en kaam by eintsjebeslút yn Darwin terjochte.
- (5)** Dêr slagge it har foar it earst yn har Australysk aventoer net om in baantsje  
45 te finen. Om de dei troch te kommen gie se op 'e dyk sitten te gitaarspyljen en te sjongen. It waard wurdearre, it brocht sels mear op as de baantsjes dy't se oant dan ta hân hie. "As  
50 servearster fertsjinne ik 10 dollar yn 'e oere, as ik twa oeren siet te sjongen, hie 'k samar 60 dollar."
- (6)** "Makkest fan alles mei, sa'n jier yn Australië. Wurdst út dyn deistich  
55 libbentsje weihelle. Hast dyn freonen net om dy hinne, sjochst oars tsjin de dingen oan, fregest dy ôf watst no eins mei dyn libben wolst. Dat sjongen yn Darwin fûn ik hearlik, dat wie in  
60 befrijing. Dat is no noch sa. As ik my eefkes net sa lekker fiel, begjin ik te sjongen, dan giet it daliks in stik better."
- (7)** Nei in jier foaroplieding waard se  
65 fiif-en-in-heal jier lyn oan it konservatoarium fan Swolle talitten as sjongeres lichte muzyk. Se kaam yn 'e kunde mei it wurk fan komponisten en sjongers as Kurt Weill, Jaques Brel en  
70 Ramses Shaffy. Se ûntwikkele in sterke foarkar foar it Frânske sjanson.
- (8)** Yn it tredde jier song se in tal Fryske fado's fan Nynke Laverman.  
75 "Doe ûntduts ik pas dat it Frysk ticht by my stiet. Yn tsjerke hie ik leau 'k wolris yn it Frysk songen, mar oant ik nei it konservatoarium gie, hie alles yn it Ingelsk west."
- (9)** Har freon Jan frege har wolris wat  
80 har ambysjes wiene. "Dêr hie ik noait goed oer neitocht. Ik hâld in hiel soad fan sjongen en dêr woe ik safolle mooglik yn leare. Ik sjong foar mysels, al tink ik wol dat oare minsken der wat

- 85 oan ha kinne. De measte teksten dy't ik sjong, geane oer universele tema's: dêr fynt elkenien wol wat fan himsels yn werom."
- (10)** Stadichoan krije de slomjende ambysjes stal. Gezina wurket trije dagen wyks op de administraasje fan de Noardlike Hegeskoalle yn Ljouwert, se jout oardel dei yn 'e wike sjongles op Parnas. Mei dat lêste hâldt se
- 90 meikoarten op om't se mear tiid ha wol foar optredens en foar it oersetten en aanst ek it skriuwen fan teksten. Se jout no sa'n acht konserten yn 'e moanne. Soms mei in korps, soms mei
- 100 in pianist en soms mei beide. Dêrnjonken giet se der sa no en dan op út as ynfalster by in Top Hûndertband.
- (11)** Oant foar koart wie noch mar in lyts part fan Fryslân bekend mei Gezina har sjongtalint. Dat feroare doe't Omrop Fryslân opnamen makke fan brassband De Bazuin, dêr't se 'Gabriëlles song' út de Sweedske film
- 110 'As it is in heaven' song. "Ik hie dy film al in pear kear sjoen en my de eagen út 'e holle gûld. Jannewaris foarich jier fertelde Klaas van der Woude, dirigint fan De Bazuin, dat er dwaande wie om
- 115 in arranzjemint fan 'Gabriëlles song' te skriuwen. Foar it Falentynskonsert. Ik twifele. Ik fûn it sa moai, ik wist net oft ik dat wol koe. Twa of trije wike foar it konsert belle er: hy hie it klear. Oft ik it
- 120 sjonge woe."
- (12)** "Ik ha it earst yn it Sweedsk besocht, mar ik hie al gau yn 'e gaten dat, as ik it goed dwaan woe, dan moast ik it tichter by mysels helje. Op
- 125 ynternet fûn ik oersettingen yn it Dútsk, it Ingelsk en it Nederlânsk. Dêrmei ha ik sels in Fryske oersetting makke."
- (13)** "It sloech daliks oan. Der hong in hiel aparte sfear dy beide kearen yn
- 130 Oentsjerk. Meastal geane de minsken nei ôfrin fan in konsert stean, mar no diene se dat ek nei 'Gabriëlles Liet'. Midden yn it konsert kamen se as ien blok oerein. Ik skrok der suver fan.
- 135 Eize van Beets, de technikus fan Omrop Fryslân, sei: 'Dit hellet de Top Hûndert'. Ik tocht dat it in grapke wie, mar se draaie it al hast in jier lang hiel geregeld."
- 140 **(14)** "As ik it sjong, fernim ik dat der wat bart yn 'e seal. De minsken dy't de film sjoen hawwe, witte dat it giet oer in frou dy't jierrenlang troch har man mishannele is en seit: en no is it
- 145 genôch. Foar myn gefoel giet it oer mear, oer minsken dy't har frijmeitsje fan wat har fêstholden hat of oer minsken dy't it lok fine."
- (15)** "Ik krij ek telefoantsjes en mailsjes fan minsken dy't freegje oft se it op in begraffenis of in kremaasje draaie meie. Ik fûn dat earst frjemd, it giet oer it libben, oer minsken dy't frij libje wolle. Net oer de dea. Mar ik tink
- 155 dat de minsken der dochs in stikje treast yn fine."
- (16)** "Ik ha my ek wolris ôffrege wêr't de krêft fan it liet yn sit. Muzikaal is it eins hiel standert allegearre. Ienfâldige
- 160 wize, ienfâldige akkoarden. It begjint hiel rêstich en dan wurket it stadichoan nei in hichtepunt ta. Mei in korps derby wurdt it oan 'e ein ta sels bombastysk. It iennichste wat net sa ienfâldich is, is
- 165 it berik. It giet oer twa oktaven. Dat is foar my it uterste, wol ik noch moai sjonge."
- (17)** "De tekst is foar my hiel belangryk. Ik wol in ferhaal fertelle en
- 170 dêr myn eigen gefoel yn lizze. Under it sjongen tink ik oan dingen dy 't ik sels yn relaasjes meimakke ha of oan in freondin dy 't troch har freon mishannele is. By it ynstudearjen ha ik

- 175 sels ek sitten te gûlen. As ik it no sjong, belibje ik it ferhaal alle kearen op 'e nij, mar ik ha mysels wol ûnder kontrôle. Ik kin op it poadium net stean te gûlen.”
- 180 **(18)** Gezina har favorite sjongtalen binne it Frânsk en it Frysk. Dêr kin se har emoasjes it bêste yn kwyt. Har grutte dream fan dit momint is in cd
- 185 meitsje mei Frânske sjansons, mei eigen nûmers of in kombinaasje fan dy beide. “Ik wol dingen yn it Frysk fertale en ek sels nûmers yn it Frysk skriuwe. Ik sjong ek wol yn it Nederlânsk mar dy nûmers sizze my it measte net. Yn it Nederlânsk skriuwe lokket my ek net, dat ik kom dochs wer by it Frysk út.”
- 190

*Nei in artikel fan Sietse de Vries  
yn de Leeuwarder Courant, 12 desimber 2008.*

## Tekst 2 In wreed reptyl yn Drachten

(1) Managementsburo Xenopus fan Drachten wurdt rund troch Xenopus sels: in draakeftich wêzen mei in griene hûd, in lange tonge en aaklike reptile-eagen. Fan tichtby besjoen hat de draak in soad fan in gewoane man. De kreaasje is dan ek in merk, in imago. Mister X treedt foar bern ek wol op as De Gelaarsde Kat. It is mar krekt hoe'tst him boeke wolst. Mar grizelich is it allegear wol! Sa hat de fjoerspuier - as ik syn echte namme freegje is dat steefêst Xenopus - in nuvere samling bisten. Wat te tinken fan allerhanne reptilen, in fûgelspin en in stjonkdier?

(2) Bûten it poadium om is Xenopus eins in deagewoane Drachtster. Hy praat fol fjoer oer syn bisten: it karakter fan de noasbear, de stank fan it stjonkdier en it fuorjen fan syn trettjin slangen wurde wiidweidich bepraat. X hat in grut hert foar de natoer: sa wol er, as er folslein bestean kin fan syn wurk as artyst, graach in foksintrum foar bedrige diersoarten begjinne. Dêr kin er ûnder oare sjen litte, hoe't jo bisten respektfol behannelje. "Guon minsken hâlde in podde as 'tripkikkert'. Fan it gif kinst high wurde." Xenopus fynt it grutte ûnsin om bisten dêrfoar te brûken en hat ek net folle op mei minsken dy't thús gefaarlike gifslangen hâlde. "Se sille dy mar ûntkomme en in boartsjend bern pakke!"

(3) Yn shows fan sawol it meunster as De Gelaarsde Kat wurde echte bisten brûkt. By Xenopus wurde slangen en spinnen ynset foar it horroreffekt, mar De Gelaarsde Kat wol foaral bern, mar ek grutten, respekt foar de natoer bybringe. As De Kat slangen foar it ljocht hellet, binne it faak de âlden dy't oerdreaun benaud reagearre. "Dan sis ik tsjin de bern: Sjochst wol? Bangens

45 is oanleard. Ik fertel de bern dan dat se neat dogge, mar as se der echt bang foar binne, sil ik der net op oanstean om se te aaien, wat de âlden krekt noch wolris dwaan wolle. Noeky, sa hyt myn noasbear, fynt it net noflik troch oaren oanrekke te wurden en kin dan fûl bite. Dêrom fertel ik altyd dat Noeky in bytsje fereale op my is en in oar him net oanreitsje mei. It lytse bist waard ris ferhierd foar in fotosesje fan it Deenske moademark Only. "Ik hie goed sein dat se net oan him komme moasten, mar Noeky begûn oan it fotomodel te rûken. Dat hie se 60 gewurde litte moatten, mar se sloech him fuort en doe wie it 'hap' fansels!"

(4) De optredens fan de draak Xenopus binne hiel oars as dy fan de leave mearkefiguer De Gelaarsde Kat. "As Xenopus kin ik my folle mear útlibje, dan kin ik it sa mâl dwaan as ik sels wol. Dat doch ik dan ek it leafst!" It uterlik fan it griene bist is basearre op dat fan in leguaan mei syn rêchstikels en skerpe klauwen. De selsmakke poaten mei skerpe neilen steane yn de Drachtster húskeamer. Hiel wat oars as de sportsokken dy't er ûnder it petear oan hat.

75 (5) Xenopus is in oere dwaande om syn gesicht te beskilderjen. As ik sis dat er mei syn sminkt uterlik, hege learzens, brede skouders en foaral dy lange tonge wol wat wei hat fan in bekende rockmuzikant, sjocht er al efkes wat soer. Hy hat it wol faker heard, mar wol der neat fan witte. "Ik ha dit sels sa betocht. Oerienkomsten binne tafallich. It is wol sa dat 85 rockmuzyk my ynspiraasje jout. Teatrale bands as Kiss sprutsen my as bern wol hiel bot oan, krekt as horrorfilms en superheldestrips."

90 **(6)** Xenopus is in twadde ik, in alter  
ego. "As ik gewoan mysels bin, sjogge  
se net oan my dat ik Xenopus bin. It  
jout wol in machtsgefoel at se net witte  
wa't der efter dy rare kop sit! Bern  
roppe my wolris nei, mar dan sis ik dat  
95 se de ferkearde foar hawwe of dat ik  
dy man net ken. Hjir yn Drachten witte  
se it wol. Ik bin ek wolris drok oan it  
sminken, mar ha dan noch gau wat  
nedich út de super en gean der sa mar  
100 hinne. Dan doch ik dêr ek wat gek mei  
de tonge út de mûle. Dat fine se  
prachtich. Nei in show woe Xenopus  
ris op besite by in freon yn it sikehûs.  
Dêr liet er in bewaker goed skrikke!  
105 Doe't er útlei hoe't it siet, wie it wol  
goed en koene se derom laitsje, krekt  
as de kear dat er oanhouden waard  
troch de polysje en hy syn bile sjen  
liet. "Ik die wat healwiis mei dat ding,  
110 doe hiene se wol troch dat ik artyst  
wie."

**(7)** Foar it fjoerspuien hat Xenopus  
sels in oanpak betocht. "Earst die ik it  
mei petroalje, mar dat is net  
115 ûngefaarlik. Dêrom ha ik sels in resept  
makke, dat ik stil hâld. Skriu mar op:  
fjoerwetter." Ek it geheim efter it bloed  
dat him út 'e mûle komt, jout er net  
priis. In ûnderdiel fan de Xenopusshow  
is, dat er in skaal mei 'minskhearsens'  
120 sjen lit en der in pear happen fan nimt.  
Dêrby rint him read guod ta de mûle út.

125 "Sis mar dat it bargebloed is! Ik brûk  
gjin kapsules mei bloed út de  
feestwinkel. Dêr krij ik de goede kleur  
net fan: it wurdt rôze. Ik moat moai,  
djipread bloed ha."

**(8)** Hoe mâl as dit allegear ek oerkomt,  
it is mar show fansels en Xenopus syn  
130 motto is: feilichheid boppe alles. Mei  
syn fjoerwetter is it ien kear misgien.  
"It rûn my oer de earm en dy stie doe  
yn 'e brân. De minsken om my hinne  
hiene neat yn de gaten. It publyk fûn it  
135 geweldich, mar it hearde der net by! Ik  
ha de earm yn in amer wetter treaun  
en it applaus helle, it optreden moast  
fansels trochgean." Hy lit de  
brânplakken sjen. "Ik besjoch it mar as  
140 in bliuwend oantinken oan in moaie  
tiid."

**(9)** As ik fuort sil, jout Xenopus my de  
hûd fan in ferfelle boa mei en mei ik it  
terrarium besjen. Ik krij in tigerpyton  
145 fan 3,5 meter om 'e nekke. Syn  
slangen binne net giftich en dus frij  
ûnskuldich, mar ik ha it der net sa bot  
op stean. Xenopus lykwols bliuwt  
fassineard troch reptilen en oare  
150 bisten, mar wol net dat oaren lêst fan  
him en syn aktiviteiten hawwe. It giet  
oant no ta allegearre goed; salang at it  
meunster Xenopus De Gelaarsde Kat  
mar net opfret ...

*Nei Johannes Keekstra, "Boek ris in wreed reptyl"  
yn 'Styl, simmer 2005*

### Tekst 3 Altyd tsjuster, mar hjir en dêr in puntsje ljocht

(1) It is yn kafee De Beurs yn it hert fan Grins dêr't ik mei studint rjochten Bram Schultinga (24) praat. We sitte foar inoar oer oan in tafel en njonken  
 5 de tafel leit Barry, de hûn dy't hast altyd by Bram te finen is. Bram kin sûnder Barry it paad mar min fine, want hy is blyn. Wat betsjut sa'n hendikep foar in jonge studint yn in  
 10 brûzjende studintestêd? Bram gunt ús in blik yn syn wrâld.

(2) Bram komt fan Snits, mar is yn syn earste libbensjierren nei Ljouwert ferhuze. Doe't er fiif jier wie, ûntdutsen  
 15 dokters in tumor by him yn de harsens. Nei ien fan de operaasjes koe er neat mear sjen, doe't er bykaam út de narkoaze. De hiele omjouwing hie troch wat der te rêden wie, mar hy koe  
 20 it net begripe, om't er noch sa lyts wie. Ek al begriep er it net, it neat sjen kinnen is fansels djip ynslein yn syn lytse jonge wrâld. Syn âlden fertelden him letter dat er in soad gûld hie.  
 25 Dochs is er der wis fan dat it goed is, dat er op dy jonge leeftyd blyn wurden is. "As bern bist noch hiel fleksibel en learst der gewoan mei om te gean. As ik as puber blyn wurden wie, dan hie ik  
 30 it der folle dreger mei hân. Dêr bin ik wis fan."

(3) Bram hat der foar keazen om net in sinnebril te dragen, sa fertelt er my. "Alle blinen rinne mei in bril op. Mar  
 35 dat doch ik net, oars fiel ik my dûbeld blyn." Guon blinen draaie hiel bot mei de eagen, dat sjocht der apart út foar in oar. Mar Bram hat noch nea ien kleien heard dat er der frjemd útseach,  
 40 dat wêrom soe er in bril opdwaan? En dêr komt nochris by, dat Bram in hiel lyts bytsje ljocht sjen kin. Hy kin it ferskil tusken ljocht en tsjuster ûnderskiede. Ek kin er felle ljochten  
 45 sjen. "En dat is hiel handich by it

opstekken fan in sigaret," gnysket er. "It ljocht fan de oanstekker kin ik sjen." Hy sjocht ek bewegings. "Dêrom is it net hielendal tsjuster foar my. Oerdei  
 50 is it ljochter, mar sa jûns yn in kroech is it wer ridlik tsjuster. Lokkigernôch is it net altiten mar ien swarte massa. Dêr soe ik behoarlik depressyf fan wurde."

(4) Mei ynternet kin Bram hiel handich wurkje: hy hat in reguliere laptop mei in braille-lêsrigel derûnder, dy  
 55 dekodearret alles wat der op it skerm stiet. Op dy wize kin er dus maile, krabbels lêze en op Hyves sette en ek  
 60 googelje foar de stúdzje. Bram studearret rjochten yn Grins. Hy studearre earst skiednis, mar dat wie net echt praktysk foar him. Foar  
 65 skiednis is ynternet as boarne net goed genôch en in hiel soad skriftlike boarnen binne net yn braille te krijen. Dat wie ien fan de redenen om in  
 70 oerstap te meitsjen nei rjochten. Wetboeken binne digitaal te krijen, dus lêsbere foar Bram. "It makket sowieso ferskil dat ik net de earste blinde studint  
 75 rjochten bin yn Nederlân. En der binne ek al blinde advokaten en rjochters, dat ik ha goede foarbylden. Wat beropskar oanbelanget hast by rjochten de measte mooglikheden."

(5) Ik freegje my ôf hoe't it is om net te witten hoe't dyn wrâld der útsjocht.  
 80 Wat wit Bram noch fan eartiids? "Ik wit noch hoe't myn âlden der útsjogge. Alle kleuren kin ik my ek noch yn 't sin bringe, krekt as parten fan Ljouwert, fan ús âlderlik hûs, de beammen foar  
 85 yn 'e tún." Hy wit dus eins noch in hiel soad, fynt er sels. Hy hat ek noch wat fragmintaryske bylden yn 'e holle dy't er net echt pleatse kin. Syn heit en mem farre bygelyks en yn syn holle sit

- 90 noch in momint dat er op de loopplanke fan in skip stiet.
- (6)** Fan Grins wit er net in soad. Ek hie er seis jier ferkearing en hy hat nea witten hoe't syn freondinne der
- 95 útseach. Hy fûn it wol fertrietlik dat er har net sjen koe, oan de oare kant hat Bram fansels syn eigen wize fan sjen, mar hy soe wol graach witte wolle oft syn byld kloppet mei de werklikheid.
- 100 Om't it fisuele elemint fuortfalt, tinkt er dat hy in relaasje in stik yntinser belibbet. Mar dat nimt net wei, dat der no en dan dochs mominten binne dat er sjen kinne woe. As er te stappen
- 105 wie yn in drok kafee of yn in folle disko, koe er bygelyks nea efkes eachkontakt meitsje mei syn freondinne. Mei dyn eagen kinst ommers freegje oft de oare it noch wol
- 110 nei 't sin hat, of kinst inoar leafdefol oansjen. En ast sjen kinst, hast it ek yn de gaten as in oarenien mei dyn freondinne flirtet. "Net dat ik soks kontrolearje wol, hear, mar it soe wol
- 115 aardich wêze om te merken dat dyn freondinne ek oandacht fan oaren kriget. Je misse gewoan de fisuele ynteraksje as minsken inoar aardich of oantreklik fine."
- 120 **(7)** Hoe goed as Barry him ek helpt, hy kin net ferhinderje dat Bram sa no en dan ris in lyts of grutter ûngemak hat. Bram is hiel selsstannich, hiel mobyl en hy giet graach syn eigen gong. Hy
- 125 hat genôch freonen dy't him bystean wolle, en dat fynt er geweldich, mar hy wol in soad dingen dochs ek sels dwaan. Sa koe it barre dat er koartlyn in studintehûs ferliet en by it delgean fan de treppen de lêste triem
- 130 oersloech. "Ik tocht dat ik ûnder wie, mar der wie noch in triem. Doe hie ik twa gatten yn 'e foarholle en noch ien ûnder it linkereach. De linkerkant fan
- 135 myn gesicht wie alhiel skeind. Doe ha 'k wol efkes flokt." Gelokkich wiene der freonen by him. Hy gie by in freondinne efterop nei it sikehûs ta. Dêr krige er in tal hechtings en makken
- 140 se foto's fan syn nekke, kaak en plasse. Doe mocht er nei hûs. Dy freondinne bleau dy nacht by him en makke him om de twa oeren wekker, lykas de dokters foarskreaun hiene,
- 145 om't se bang wiene dat Bram harsenletsel krije soe. Hy is har dêr hiel tankber foar. Sûnder freonen rêdt fansels gjin minske it, blyn of net. Bram hat it twa dagen rêstich oan dien
- 150 en doe't it drukferbân derôf wie, gie er wer gewoan nei kolleezje.
- (8)** Blyn wêze hat, hoe frjemd it ek heart, bytiden dochs ek foardielen. Sa giet Bram net ôf op uterlik en hat er syn eigen metoaden foar it meitsjen fan freonen. "Oan in stim kinsto hearre oft immen rêstich is en wiis. Ik hâld fan djippe, waarme stimmen. Prate minsken ûnnatuerlik of hastich, dan wurd ik ûnrêstich. Kinst oan minsken ek hearre oft se sterk yn 'e skuon steane. En oft se har ûnwissens kompensearje troch hiel hastich en drok te praten."
- 155 **(9)** Omdat it fisuele elemint fuortfalt, binne oare sintugen ekstra goed ûntwikkele. Sa hat er in grutte leafde foar muzyk. En hy mei hiel graach itensiede. Om't Bram gjin resepten
- 170 lêze kin, moat er it op gefoel dwaan. Hy is dêr hiel betûft yn wurden. Hoe kin er de krûden ûnderskiede? "Rûke!" is it logyske antwurd.
- (10)** Nei in pear oeren praten geane
- 175 Bram en ik wer elk ús eigen gong. Ik allinnich werom nei it stasjon, Bram mei syn trouwe maat Barry op 'en paad it tsjuster yn. Mar net hielendal.

*Nei in artikel fan Jelma Wiegersma  
yn Styl, winter 2007/2008, 17-02-2008.*